


De Twirre



juny 2017



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 34e jiergong nr. 2: juny 2017. De Twirre is it fearnsjersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 septimber by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Hendrik Tel	till.	0049 - 5924 785255
	hendrik.tel@t-online.de		
Skriuwer	Auke Hoekstra		0545 - 29 2836
	Barmiento 18, 7161 KH Neede		
	a.hoekstra1@lijbrandt.nl		
Ponghâlder	Paul Hoogendoorn		074 - 277 7121
	pj.hoogendoorn@planet.nl		
Redaksje	Ali Bonhof		074 - 242 1904
	Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo		
	lj.bonhof@hotmail.nl		
Leden	Grieteke van der Veer		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus		074 - 242 7217
	grijshengelo@gmail.com		
	Remke van Marle		0541 - 51 4781
	remke44@gmail.com		
	Siebe Hiemstra		totzondag@gmail.com

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 17,50 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 30 Euro. Dêrfoar krije Jo twa Fryske toaniel- of kabaretjûnen en fjouwer Twirres. Rekken-nûmer krite: NL08 INGB 0004 2915 44 Freonen Fryske Kultuer.

Fryske siswizen

- De sinne skynt nea oan twa kanten tagelyk.
- As de sinne heech stiet binne de skaden lyts.
- As de sinne is yn 't nêst, binne de loaie lju op har bêst.

Belangrike data

- Tiisdei 5 sept.** Kritereiske. Reisoel: It Poptaslot en in boattocht troch it noarden fan Fryslân. Fierderop yn dit blêd mear ynformaasje. Opjaan by:
hendrik.tel@t-online.de
- Sneon 28 okt.** Kritejûn by Vrieler mei de ferneamde Fryske sjongster Griet Wiersma.
- Jan/febr.** Jiergearkomste.
- 14 april 2018** Algemiene Gearkomste fan it Frysk Boun om Utens en Friezedei, Provinsjehûs yn Ljouwert.

Simmertwirre

As in waarm simmerwyntsje falt dit boekje wer by jo yn de bus. We geane wer op 'e simmer oan en hoopje dat it waar yndied ris wat lekker simmers wurde sil.

Nei de jiergearkomste yn jannewaris en de toanieljûn yn maart stiet as tredde krite-aktiviteit fan dit jier it reiske op ús programma. Dizze kear wer nei Fryslân. It liket derop dat de reis trochgean kin, mar der kinne noch wol wat mear minsken mei.

Sa as alle jierren steane de data fan it skûtsjesilen yn dit boekje en ek noch fan in oantal oare simmereveneminten yn Fryslân.

As bestjoer binne wy al wer yn 't spier foar it kommende winterskoft.

Sa't jo sjogge ha wy foar de jûn yn de hjerst sjongster Gryt Wiersma út-noege. Griet is wrâldferneamd yn Fryslân. Se hat ek in oantal jierren gearwurke mei Teake van der Meer, "Lytse Teake". Dêr wie al in pear kear troch kriteleden om in optreden fan har frege.

In moaie simmer tawinske en oant sjen!

□ It bestjoer

Bewiis. Jeltsje hie in thústringer hân. De oare moarns woe mem wat pinfiskje en frege: "Wie it wat in aardige jonge?" "Jawis," sei Jeltsje. "En giet er ek nei tsjerke," hifke mem. "Ik tink it al, mem." "Hoe dat sa?" woe mem witte. "No, ik fielde in rôltsje pipermuntsjes by him yn'e broek."

Toanieljûn op 25 maart

Op dizze kritejûn kin foarsitter Hendrik Tel sa'n 60 minsken wolkom hjitte yn seal Vrieler. It Fryske folksliet wurdt songen mei begelieding fan Thijs Schaap op syn akkordeon. De Twirresjongers sjonge twa maitiidsferskes, ek mei begelieding fan de akkordeon: *De winter is fertige* en *De maitiid* fan Tetman de Vries.

By it lêste ferske kin de seal it refrein meisjonge:

Dan komt de maitiid, maitiid yn it lân.

Dan laket alles, alles jin sa oan.

De moaie maitiid, mei syn blauwe loft,

Is foar minske en foar blom grif it moaiste skoft.

De lytse Komeedzje út Drachten spilet it stik "Allegear Komeedzje" foar ús. Yn de foarige Twirre hat al wat oer de ynhâld fan it stik stien. En lykas by al dit soarte fan kluchten hat de ynhâld net folle om 'e hakken. Mar der kin wol lake wurde om allerhande misferstannen en yntriges en eigenaardigheden. Der wurdt goed spile, oan'e ein fan it winterskoft sitte de rollen der goed yn. De ein fan it stik falt in bytsje ûnferwachts. De spilers wurde betanke mei in moai ynpakte roas. Op dizze jûn is Jelma Wiegersma, boekeferkeapster fan it FBoU, oanwêzich mei in tafel fol nije Fryske boeken, CD's en snypsnaren. Se hat wol aardich wat ferkocht. Oan âlde boeken en tydskriften ha we 12,50 Euro ferstjinne. By de ferlotting binne wer leuke pryskes te winnen. It is in gesellige Fryske jûn! □ Ali Bonhof

Heamoanne

*Blanke seilen op 'e marren,
Rûkend hea yn swé op 't lân,
Seinehotsjen, ljurkesangen,
Blauwe himel, sinnebrân.
't Swiere fé yn griene greiden,
Swiet gerûs troch hege reiden,
Bûgjende ieren yn 'e bou,
Heitelân, hoe moai bisto!*

P.J. Troelstra út: "Rispinge".




It kritereiske op 5 septimber giet oan

Sa 't it no liket giet it kritereiske troch. Op de lêste kritejûn hawwe har fuort en daliks 35 minsken opjûn. Wy tinke dat der noch wol mear binne dy't mei wolle, mar it noch net fêst tasizze kinne. Dit is te begripen, want der kin noch safolle barre oant dy dei. Opjaan kin ek letter noch, mar wol graach **foar 15 augustus**. Ek net-leden kinne mei, soks is gjin beswier.

Sa as yn de Twirre fan maart al te lêzen wie, giet it reiske nei it Poptaslot yn Marsum om dêrnei mei in boat in diel fan de alvestêdetocht te farren yn de rjochting fan it brechje by Bartlehiem.

Op de boat sil der genôch iten oanbean wurde, sadat we lekker sêd de reis nei hûs wer dwaan kinne. Grieteke van der Veer hat ditkear de rezjy. Wy tinke dat it in reiske wurdt mei moaie eleminten fan Fryslân, sa as wy dy gewoanwei net sjogge.

Start is yn Hengelo by restaurant Van der Valk op tiisdei 5 septimber om 8 oere. Wy reizgje mei in bus fan Richters reizen út Nord-



horn, dat hat hieltyd goed foldien. Wy tinke dat we jûns om 19.00 oere yn Hengelo werom binne. De kosten foar dizze dei sille wol sawat 55 Euro p.p. wurde, dêrmei binne de reiskosten, it iten en de yntreejilden betelle.

Wa't noch mei wol ken sich opjaan bei my, graach foar 15 augustus till. 0049 5924 785255 of email adres: hendrik.tel@t-online.de

□ Hendrik Tel

It Frysk Boun om Utens (FBoU)

Wy hawwe op sneon 8 april de 93ste Algemiene Gearkomste fan it Boun bywenne. Wy wiene te gast by de Sékrite yn Lelystêd. De foarsitter fan de Sékrite, Jan Bijkerk, hjitte ús wolkom. Hâns Dijk foarsitter fan it Boun, joech in koart oersjoch fan it wurk fan it bestjoer en oer de ûntwikkeling fan it lede-tal. Punten fan de wurklist wiene: Finânsjes, bestjoersferkiezing, Plan 23, Friezedei 2018 en de moe-tings en ynspiraasje-dei.

No de finânsjes makken gjin soar-gen, de nije ponghâlder, Jan Vogel út Blokker, hie de sifers goed op papier krigen. Der is wer sa'n 6680 Euro yn de pot.

By de bestjoersferkiezing wiene ôf-tredend Hâns Dijk en Tia Walstra. Beide hawwe te kennen jûn net fier-der te gean. Der wiene gjin nije kandidaten neamd fanút de kriteren. It bestjoer die it útstel Jan Bijkerk te ferkiezen ta foarsitter fan it Boun. Dêr waard troch de AG unanym mei ynstimd. Jan nimt de funksje oan. Hjirmei kin it Boun wer in hiel skoft foarút. Eltsenien wie bliid mei dizze gong fan sa-ken. Foar de fakature fan Tia Wal-stra binne gjin nammen binnen-kaam, de ynfolling wurdt yn be-ried hâlden. Fan Hâns Dijk waard ôfskie nommen. Fanwegen syn

grutte fertsjinsten foar it Boun is hy ta earelid beneamd. Hâns hat 19 jier lid west fan it haadbestjoer, dêrfan 16 jier as foarsitter. Ek fan Tia Walstra waard ôfskie nommen, sy hat 9 jier lid west fan it haad-bestjoer. Beide waarden betanke foar harren ynset mei moaie wur-den en blommen.

Plan 23. Yn 2023 bestiet it boun 100 jier. Om kontakt mei de leden te hâlden, wol it Boun graach sa folle mooglik e-mail adressen haw-we om ynteressante dingen oan-geande Fryslân en de Fryske taal troch te jaan. Ek wol it Boun graach eltsenien útnoegje foar in moeting en ynspiraasjedei, Frieze-dei en AG yn 2018: it foarstel fan it bestjoer is dit op sneon 14 april 2018 yn Ljouwert te hâlden. Dit yn it ramt fan Ljouwert Kulturele Haadstêd fan Europa. It Boun be-stiet dan 95 jier. Alles moat noch regele wurde mar dat komt wol klear. De sjongkoren fan de kriteren binne útnoegje om op it provins-jehûs te sjongen en as alles goed giet, sil de kommisaris fan de Kening ús tasprekke. Dit wie wol it wichtigste fan de gearkomste.


Wy binne mei in goed gefoel nei hûs ta riden. It giet noch wol in pear jier troch mei it Frysk Boun om Utens. □ Hendrik en Tjesje Tel

Ierappels

Thomas stie by in ikker smoarfol fiter, melten, tisters en hoannepoaten en noch de helte mear ûnrant.

“De ierappeltsjes bestjerre al wer,” sei er. “Ik mei der hiel wol oer dat der wat in túchje tusken waakst, dan kin de frucht as sadanich better ta himsels komme. Ik sil net earder in ierappel dolle ear’t it lof folslein dea is, ik hâld fan in foldroegen frucht. In ierappel moat ryp wêze, sil er ta syn smaaak komme en in bytsje túch hâldt de grûn koel, dat komt de ierappel te’n goede. Ik sil it mei it dollen noch in fjirtjin dagen oansjen, mar dan moatte jo ris oppasse wat dizze grûn opsmyt. Dat jout aanst op as de see en in deugd fansels! As it safier is sil ’k jim in mieltsje bringe, dan kinne jim nochris beare.”

□ Paulus Akkerman



Kulturele Haadstêd 2018

Sa as jo wierskynlik wol ris lêzen ha, is Ljouwert in pear jier lyn útroppen ta Europeeske Kulturele Haadstêd foar 2018. Ljouwert - en hiel Fryslân, hat men besluten - moat him dan op syn moaist manifestearje mei alles wat der is oan kultuer. En dat sil dan gebeure ûnder de titel *Mienskip*. Foaral troch wikseling fan persoanen yn bepaalde funksjes is der eigentlik noch net in soad nei bûten kommen oer de plannen.

Wat wol fêst stiet, is dat alle alve stêden in nije fontein krije, it “11Fountains-project”. Lykwols net alle stêden binne der bliid mei, want it ûnderhâld derfan is nochal djoer en it binne keunstners fan bûten Fryslân dy’t de ûntwerpen meitsje. De Fryske Theatergroep De Paupers hat op dy ûnfrede ynspile en Henk de Boer út Woarkum makke in eigen ûntwerp foar in fontein. It is in 7 meter hege mobile fontein en hat de namme *Jan Lul fontein* krigen. Yn 2018 reisget dat ding troch de provinsje en

wurdt dêrnei ôfbrutsen, sadat nimmen der mear lêst fan hat.

Der moat noch wol jild foar komme: fia crowdfunding kin elk der oan meibetelje (it wurdt dus echt fan de mienskip) en no’t bliken docht, dat dit de minsken oansprekt, wol de offisjele organisaasje der ek wol oan meibetelje. Ik sil net ferklappe hoe’t dy fontein der útsjocht, dêr moatte jo jesels yn 2018 mar oer fermeitsje.

In oar projekt wat koartlyn nei bûten kommen is, is dat der 100 moaiste gebouwen of plakken yn Fryslân oanwiisd wurde, dy’t elke frjemdling eigenliks sjen moat as er yn Fryslân komt. In sjuery hat al 50 dingen selekteard; foar de oare 50 dingen wol men dat de Friezen der sels in stim yn ha. It giet om ferskillende kategoriën: tsjerken, wenningen, parken, doarpsgesichten, lânskippen. En jo, as Fries om utens, kin fansels ek meidwaan. Op de website www.itmoaistefan.frl kin je sjen, hoe’t dat moat. □ Eeke de Boer

Goed fetsoenlik

Janke mocht fan mem net sizze: “Dy finen.” Dat joech gjin pas fûn mem. Doe moast se foar mem in fine koeke helje by de bakker. Yn ’e winkel sei se tsjin de bakker:

“Mei ik fan jo in grifformearde koeke?”

□ Marten L de Boer

Molkwar, haadstêd fan de koeke

Sa'n doalhôf as eartiids is Molkwar net mear. Yn 17e-iuwske reisferslaggen waard it op sân eilantsjes boude doarp as bysûnderheid neamd omdat it sa'n doalhôf wie dat sels de eigen ynwenners it paad soms bjuster wie. Tsjintwurdich is Molkwar folle oersichtliker, allinnich al omdat it doarp net grut is. Mar der binne yn it doarp noch wol in pear lyste trochkrûpstrijtsjes. Nim de Tsjerkestrjitte. De geur dy't boppe de klinckerts fan dit dit amper trije passen brede strijtsje hinget is ûnmiskenber; hjir wurdt koeke bakt. Yn 't skaad fan de tsjerke stiet al hast hûndert jier de fabryk dêr't de yn Fryslân ferneamde Molkwarder Koeke bakt wurdt; in reepkoeke mei vanyljesmaak op basis fan fezelryk roggemoal en sûkers. Gjûn fet, wol koalhydraten. Neist Molkwarder Koeke bakt bakkerij Molkwar ferskate oare Fryske lekkernijen: Fryske dûmkes, sûkerlaten, oranjekoeke en keallepoaten. De bakkers swarre by har op gas stookte wetteroven dy't garant stiet foar in fêste temperatuer en egaal bakte koeke. Tsientallen supermerken en doarpswinkels binnen de provinsjegrinzen ferkeapje de bakkersprodukten út Molkwar. Yn it simmerskofft binne se ek te krijen by de bron, yn it Bakkerswinkeltsje nêst de fabryk. Dat is ek in lyts museum mei oandacht foar it rike fiskerijferline fan Molkwar.

www.molkwarderkoeke.nl

□ út: "200 Plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben," Annemarie Bergfeld

In Fries om utens

Nei de ferkiezingen yn maart binne der fjouwer ynwenners fan Fryslân yn de Twadde Keamer kommen. In pear fan har ha by de beëdiging de eed of belofte ôflein yn it Frysk. Mar je soene hast tinke, dat der fiif Friezen binne, want ûnferwacht klonk oan it begjin fan in saneamde maidenspeech fan ien fan de oare nije Keamerleden it Frysk folksliet: Theo Hiddema (73 jier, advokaat, wennet yn Maastricht, berne yn Holwert, partij Forum voor Democratie) profilearre him dermei en oan'e ein fan syn speech ek noch mei de Fryske siswize: *Doch dyn plicht en lit de lju rabje*. Je falle dan fansels wol op en je sette jinsels op'e kaart. En him in bytsje kinnende - ik ha froeger in jier by him yn deselde skoalklasse sitten - wie dat syn doel. Mar oft er dêrmei it Frysk tsjinnet is in twadden; net elkien sil syn politike tinkbylden diele. Efijn, we sille sjen oft er ek yn oare saken foar Fryslân opkomt.

□ Eeke

Eveneminten yn Fryslân simmer 2017

Skûtsjesilen

SKS

- 5 augustus Grou (start)
- 7 augustus De Feanhoop
- 8 augustus Earnewâld
- 9 augustus Terherne
- 10 augustus Langwar
- 11 augustus Ealahuzen
- 12 augustus Starum
- 14 augustus Wâldsein
- 16 augustus De Lemmer I
- 17 augustus De Lemmer II

18 augustus Snits

IFKS

- 19 augustus Hylpen
- 21 augustus Starum
- 22 augustus Heech
- 23 augustus Sleat
- 24 augustus Ychtenbrêge
- 25 augustus De Lemmer I
- 26 augustus De Lemmer II (finale)

Keatsen

- 1 july Straatkaatsen - Ljouwert
- 2 augustus PC - Frensjer
- 9 augustus Freulepartij - Wommels

Fierljeppen

- 29 july Ned. Fierljep Manifestaasje - It Heidenskip
- 12 augustus Frysk Kampioenskip - Winsum
- 26 augustus Ned. Kampioenskip - Jaarsveld



Wettersport algemien

- 4 - 13 aug. Snitswike
- 9 augustus Hurdsyldei Snits
- 25 augustus Gondelfeart Aldeboarn
- 31 augustus Gondelfeart Balk
- 20 - 28 okt. Fiskerijdagen, Strontrace en Liereliet Warkum

Oare eveneminten

Tsjerkepaad: Fan 1 july oant en mei 9 septimber kinne jo op sneon in hiel soad Fryske tsjerken besykje en besjen.

- 9 - 18 juny Oeral Festival op Skylge
- 21 - 24 juny Heamieltdagen Boalsert

26 july	Boerebrulloft De Jouwer
26 - 30 july	Fryske Ballonfeesten De Jouwer
28 sept.	Jouster Merke De Jouwer
23 sept.	Gondelfeart op tsjillen Droegeham
30 sept.	Flaeijefeast Ald- en Nijhoarne
5 okt.	Bolletongersdei Boalsert

Iepenloftspullen

Wytmarsum. “*Nonne gekte*”. It spul wurdt opfierd yn de kleastertún fan it eardere paters Augustijnekleaster. Data: 17 en 18 juny.

Jonkerslân. “*Hea of hout*”. It stik spilet him ôf yn de roerige 60-er jierren. Efter it doarpshûs oan de Fûgelsang. Data: 30 juny en 1 en 8 july.

Berltsum. “*Bauck*”. Teaterprojekt fan stichting Grut Hermana oer de earste Fryske frijheidsstriidster Bauck van Hemmema. It stik spilet yn de midsieuwen. Data: 10 juny en 1, 5, 7, 8, 12 en 14 july.

Snakkerbuorren. “*In see fan lân....*” Wat dochst ast yn Amsterdam fiif kroegen runst, as de man fan dyn bern net mear yn byld is en ast in pubersoan hast dêrst net genôch tiid oan jaan kinst. Data: 5 - 16 july.

Dronryp. “*Manon*”. It ferhaal fan Manon dy’t mei har heit en mem út ’e stêd ferhúzje nei it plattelân. Data: 21, 23, 24 en 30 juny en 1, 7 en 8 july.

Easterwierrum. Berne iepenloftspul “*Pietje Bell en de Binde fan de Swarte Hân*”. Rotterdam, 100 jier ferlyn. Data: 22 - 30 juny en 2 july.

Kollumersweach. “*Tsjoensters fan de Ie*”. Ynspirearre troch 4 jiertiden, 4 wynrjochtingen en in oerâld Frysk ferhaal. Data 7, 8, 14 en 15 july.

Arum. “*Omke Henk*”. Misdied-komeedzje wêryn’t in “leugentje om bestwil” bysûndere gefolgen hat. Data: 13 - 23 septimber.

Jorwert. “*It wûnderlike foarfal mei de hûn*”, nei it boek fan Mark Had-don. It ferhaal giet oer in jonge fan 15 jier. Hy hat it syndroom fan Asperger, in foarm fam autisme. Yn de notaristún. Data: 2 - 30 septimber.

Opera Spanga. Yn de oanrin nei Ljouwert - Fryslân 2018 bringt opera Spanga Guiseppe Verdi’s klassike en meast spile opera fan alle tiden “*La Traviata*”. Data: 22 july - 5 augustus. ([www. iepenloftspullen.nl](http://www.iepenloftspullen.nl))

Nijs út Fryslân

It Hearrenfean rêdt Domela.

Sûnt 1999 is yn it museum fan it Hearrenfean in kolleksje ûnderbrocht fan Ferdinand Domela Nieuwenhuis, de grûnlizzer fan de sosjalistyske en anargistyske bewegingen yn Nederlân. Hy makke de earste feanarbeiders yn de súdwesthoeke warber en hy krige hjir de bynamme “Us Ferlosser”. Yn 1888 kaam Domela Nieuwenhuis, dy’t as dûmny yn Harns begûn wie, foar it kiesdistrikt Schoterland yn de Twadde Keamer. It like derop dat de gemeente de subsydzje foar it museum drastysk ferminderje soe. En dat soe ynhâlde dat de Domelakolleksje slute moast. It Ferdinand Domela Nieuwenhuisfonds, eigner fan de kolleksje, organisearre in petysje dy’t troch mear as trijetûzen minsken ûndertekene waard. En mei súkses, de subsydzje foar it museum bliuwt, lykas de subsydzje foar it Museum Belvédère yn Oranjewâld.

Skiednis Fryske Kultuerlânskip.

Op 13 maaie is yn Easterein it boek “Het landschap van de Friese klei tussen 800 en 1800” fan Philippus Breuker presentearre. It giet oer de skiednis fan it Fryske kultuerlânskip. Underwerpen binne bygelyks slinken en leien, buorke-rijen en stinzen, buorskippen en

doarpen en har bewenners. De klaaistreek hat iuwen dominant west yn de skiednis fan Fryslân, skriuwt Breuker.

Lytse Talen.

Nederlân giet net goed om mei de minderheidstalen. Dat seit it Europeesk Buro foar Lytse Talen yn in brief oan de Ried fan Europa. It EBLT set sich yn foar de promoasje en de beskerming fan it Frysk en it Neder-saksysk. Nedersaksyske talen binne it Grinzers, it Drints, it Twents, it Stellingwerfs en it Achterhoeks. It EBLT fynt dat dizze talen as lear-fak ferplicht wurde moatte op de skoallen, krekt lyk as it Frysk.

Taalekspo “Lân fan Taal”.

It earste publykssintrum foar meartalichheid “Lân fan Taal” komt yn Ljouwert en is in belangryk ûnderdiel fan Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018. Op it Aldehousterstjerkhôf komt in nij gebou mei tribune te stean, in blikfanger. Binnen yn it taalbelevingssintrum ûndergeane je in multimediale taalbeleving. Bûten fynt yn 2018 alle jûnen in audiofisueel spektakel pleats mei projektsjes op de Aldehou en omlizzende gebouwen. It plein is ek it plak foar ferskate festivals, al wurdt it troch it ekspo-gebou wol in stik lytser. Lân fan Taal giet oer

de needsaak fan en de leafde foar taal. Der komt in sinnenprykjend edukaasjeprogramma foar taal-brûkers. Meartaligens en taaledukaasje foarmje dêrfan de kearn. Edukaasje hat fansels in link mei oare eleminten fan Lân fan Taal, lykas de projekten “DNA fan Ljouwert” en de “Talentún”. Yn 2018 reizget in mobyl taalfestival lâns besteande

unike aktiviteiten, festivals, en lo-kaasjes yn Fryslân.

Gjin Omrop Fryslân mear? Fan ôf july jout KPN de regionale senders allinne noch troch yn de eigen provinsje en yn de buorprovinsjes. Yn Gelderlân dus gjin Omrop Fryslân mear, yn Oerisel noch wol salang as it duorret. □

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: Balk (Brok, Arno, liuw, kening). De redaksje fan de Twirre hie yn it maartnûmer in hiel rychje sinsjes mei it wurdse bryk set. Hjir borduer ik noch even op troch. Sykje de goede betsjutting by de útdrukking en set dêr de byhearrende letter fan de betsjutting foar; dan krije je fan boppe nei ûnderen wer in wurd.

1. Der bryk bykomme
 2. In bytsje bryk is in minske lyk
 3. Dat rint skeef
 4. Brike setten dwaan
 5. Skeanbilje
 6. Der is gjin pot sa bryk of der past wol in lid op
 7. Mei skeane eagen nei immen sjen
- Nuvere útfallen dwaan (*E*)
 - Slingerjend rinne yn dronken ta-stân (*H*)
 - It grappich sizze (*A*)
 - Oan elkien mankeart wol wat (*L*)
 - Dat komt net goed (*D*)
 - Jaloersk, wantrouwich wêze (*U*)
 - Ek de ûnsjochste minsken fine in partner (*O*) □ Eeke

Net bite

*Wy hawwe smûk by inoar sitten
oan de komst fan de sinne ta.
Ik ha ek wol sjoen: men kin it
by dy wol noflik ha.*

*It kin ek wol wêze, dat ik
mei koarten wer by dy kom;
mar byt my net wer yn 'e lippen,
dan djochst my noait werom.*

P.J. Troelstra, út: “Rispinge”

(advertinsje)



**FRI
ESM
USE
UM**

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

In moarn yn augustus (Atze Bosch)

*'t Is dizich noch en skier oer 't gea;
'k hear klokken yn 'e fierte.
In wyntsje ronfelet de sleat
en waait my sêft temjitte.*

*De loft wurdt stadich glânzgjend blau
mei flarden sjipsopskommen
en 't âlde hynder giet op sjou
nei 't lân fol bûnte blommen.*

*De nijjersgreide jout him op
en wol it simmersk hâlde...
De sleatswâl eaget dêr tsjinop,
is troch it fee ferwâlde.*

*No wynderet in kleppermars
troch hege popelieren...
Wat is augustus op it snjit
ferheftich feest oan 't fieren.*



Resept

Salm mei prei út 'e oven

4 salmfilets à 150 gram; twa preien; 200 ml droege wite wyn; 200 ml slachrjemme; 1 ytl. maizena; 2 ytl. kapperkes; 1/2 boskje farske dille, bytsje farsk sitroensop; klûntsje bûter; sâlt en piper út de mole.

De oven foarferwaarmje op 200 gr. Snij de prei yn flintertinne ringen. Brûk allinnich it wite en ljochtgreiene part. De bûter smelte yn de koekepanne en de prei rêstich op leech fjoer fruite oant er sacht wurden is (ûng. 8 minuten). Skep de prei no yn in ynfette ovenskaal. De salmfilets rûnom bestruie mei sâlt en piper en dan boppe op de prei lizze, in stikje út inoar. Klopje de wyn, de slachrjemme en de maizena mei sâlt en piper yn in kûm troch elkoar. Knip de dille fyn en rierd dy dertroch hinne, tegearre mei de ôfspjelde en útlekte kapperkes. Dit mingsel yn de skaal hjitte en dy 10 oant 12 minuten yn de oven sette oant de salm krekt gear is. Knyp der wat farsk sitroensop oerhinne. Lekker mei rys.

□ Oernommen út: "Het grote zónder pakjes & zakjes kookboek"

Tiden hawwe tiden

It IVN is fan betinken dat bern hjoed de dei te min bûtendoar boartsje. De organisaasje wol harren helpe om wer wille oan it fjild te krijen. Smoarge hannen, selsboude hutten en strune yn it lân hearre dêrby. Sok boartsjen makket bern kreativer, tûker, wisser en sûner, sa is it idee. Op 'e sleatsjedagen fan it IVN kinne bern, heiten en memmen, pakes en beppes ûntdekke wat him yn in sljochtwei hinne sleat alle-gear ôfspilet.



Boekenijs

De lêste floed, Durk van der Ploeg. It boek spilet oan de Fryske kant fan de Lauwersmar, foarhinne de Lauwerssee. It ferhaal wurdt ferteld troch Arjen Vogel, in man dy't dyk- en wetterbou studearre hat en mei ferantwurdlik wie foar de oanlis fan de seedyk dy't de Lauwerssee feroare yn de Lauwersmar. Der wurdt yn it boek ek weromsjoen nei it libben fan Arjen syn heit, in lytse boer út dy omkrieten dy't hiel wat yn de klaai omwrotten hat. "Dat bealgjen yn de blabze" hat van der Ploeg (86) altyd fassinearre. *Priis: 19,50.*

Drift, Jan Minno Rozendal. In heit dy't sûpt, in goedlike mem dy't elk jier opnij swier wurdt en in famke fan tolve mei har dreamen om oan sa'n húshâlding te ûntkommen. It ferhaal mei dan net botte orizjineel wêze, de skriuwer hat fan de 12-jierrige Nelly út Dokkum wol in sympatyk en krigel famke makke, ien dy't yn opstân komt tsjin wat master en de âlderein mei har foar ha. Sadree 't se klear is mei it lêste jier op skoalle, wol har heit har nei in boer yn Hantum bringe, dêr't se daliks oan 't wurk kin. Nelly soe lykwols ljeafst dokter of suster wurde wolle. *Priis: 16,00.*

In aap klimt út 'e beam, Koos Tiemersma. It boek giet oer in aap dy't it ta listlûker fan in populis-

tyske partij skopt. Yn dit boek ûntsnapt Bobo op in dei út 'e diere-tún. Yn in stik bosk lûkt er de klean oan fan in frijend pearke, mei as gefolch dat de rankuneuze Norbert Schnabel him foar in minske oansjocht. It ferhaal draait om in aap dy't minsketaal leart, dy't wurden brûkt sûnder dat er begrypt wat er seit. Tafallich binne dat wurden dy't útdrukke wat de minsken fan de Nije Partij heech sit. Gjin better wapen tsjin populisme as satire mient de skriuwer. It boek is earst as e-book ferskynd. Mei Donald Trump as presidint is it neffens Koos Tiemersma oft de wurklikheid syn fiksje ynhellet. Dêrom ek in papieren ferzje. *Priis: 17,95 (e-book: 6,95).*

Pykje fjouwer, Lida Dijkstra. Mei dit berneboek bringt Lida Dijkstra in oade oan it Fryske lânskip. Trije aaien yn it skriezenêst binne al útkommen. It fierde skriezepykje hat mear tiid nedich om de dop fan syn aai stikken te krijen. Syn famylje wachtet net langer en flechtet foar de meanmasines en de foksen. It lytste fjirde pykje bliuwt allinnich achter by in pleats. It boek stiet fol greidefûgels, buorke-rijbisten, blommen, krûden en ynsekten. Tekeningen fan Ina Halle-mans. It is ek yn it Nederlâns útbrocht. *Priis: 13,50.* □ Ali Bonhof

Witte jo dat

- Der yn Fryslân in pan-koektrein is? Dy stiet op in stikje rails by it âlde stasjonsgebou Marrum-Westernijkerk fan it froegere Dokkumer lokaalstje. De saak rint tige goed; der is krektlyn al in tredde âlde wagon byset.



- De Fryske joernaliste Jantien de Boer in boek skreaun hat oer “landschapspijn” fanwege it feroarjenje lânskip û.o. troch de intensive buorkerij? En dat wurd wurdt no faak oernommen.
- En dat dêrom de internasjonale tekener en skilder Jan van der Kooi op behang, muorren en doarren yn syn hûs yn Burgum libbensechte fûgels en ynsekten tekent en skildert as protest tsjin in lânskip bûtendoar wêryn’t hieltyd minder diversiteit komt?
- Dielnimmers oan de Alvestêdetocht, as er ea nochris trochgiet, tenei ferplicht binne in falhelm te dragen? Dat hat it bestjoer fan de Alvestêde Feriening besletten. Earder wie al oankundige dat de takomstige riders derfoar tekenje moatte dat se op eigen risiko meidogge.
- De tastellen út boarterstún Tjaarda yn Oranjewâld ferhuze binne? Se steane no yn Park ten Woude yn it Hearrenfean. Omt de belangstelling hieltyd lytser waard, hat Tjaarda de boel foarige simmer opdoekt.
- Sûnder dat de gemeente of de bewenners it wisten, ierdgas wûn wurdt ûnder wenwyk Skoatterwâld yn it Hearrenfean? Gasput Langsweagen-3 rint hielendal troch oant de wyk mei de swannen op it dak.
- Yn Ealahuzen wer in beam plante wurde sil foar elk berntsje dat yn it doarp berne wurdt, de saneamde “Bertebeam”? Sûnt 1980 wie dit in tradysje yn de eardere gemeente Gaasterlân-Sleat.
- Jo je noch opjaan kinne foar it kritereiske op 5 septimber? Graach foar 15 augustus.
- Efterop dizze Twirre wer in foto fan in plakje yn Fryslân stiet? Witte Jo wêr’t dy makke is? De foarige kear hienen wy in foto fan it Poptaslot yn Marsum. As Jo it Poptaslot ris yn’t echt sjen wolle, kinne Jo mei it kritereiske fan 5 septimber mei.

fryske winkel

boek kado cd idee
skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk
tichtby

afûk

Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere
krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

